

Opdracht 1 – Stavering f/v en s/z

Nederlânsk	Frysk
1. vlug	fluch
2. vervelend	ferfelend
3. vechten	fjochtsje
4. vriend	freon
5. logeren	útfanhûs
6. verschil	ferskil
7. gevaarlijk	gefaarlik

Nederlânsk	Frysk
1. centrum	sintrum
2. zeeziek	seesiik
3. bezwaar	beswier
4. centrale	sintrale
5. zon	sinne
6. zoeken	sykje
7. december	desimber
8. champagne	sjampanje

Opdracht 2 De fiskmigraasjerivier – f/v en s/z

a. De Fiskmigraasjerivier

Yn in lettere les **silst** mear leare oer de Ofslútdyk, dy't rint fan Noard-Hollân nei **Fryslân** ta. Earst besjogge wy in nije oanpassing oan de Ofslútdyk, nammentlik de Fiskmigraasjerivier.

Eartiids, foar't de Ofslútdyk der wie, rûn de **Waadsee** troch yn de **Sudersee**. Dat is wat wy no de Iselmar neame. Earder wie dat **sâlt** wetter, no is dat **swiet** wetter.

Dat makket ús minsken neat út, mar **fisken** wol! Dochs binne der fisken dy't yn beide soarten wetter libje, bygelyks de iel of de **salm**. Normaal wenje dy yn de see, mar foar it **fuortplantsjen** (dus: bern krije) komme **se** nei de mar ta. Dêrfoar is dus in **rivier** oanlein, de Fiskmigraasjerivier.

Dêrfoar wie in bulte **sân** nedich. Dat waard wûn op oare plakken yn de Iselmar. Ast de Iselmar goed **besjen** wolst, kinst it bêste nei de stêd **Starum** ta. Dêr is ek in moaie **fontein** te sjen, yn de **foarm** fan in grutte fisk! Fansels kinst dêr ek in lekker **fiskje** ite. Mmmmmmm!

- b. Eigen antwurd
- c. Eigen antwurd
- d. Eigen antwurd

Opdracht 3 – Ferbyn de sin – f/v en s/z

- | | |
|--------------------------------|------------|
| 1. suske - se - raze | plaatsje D |
| 2. buorfrou - learares - wizen | plaatsje F |
| 3. sit – fiskje - fervje | plaatsje E |
| 4. gesin - fjouwer - suver | plaatsje C |
| 5. neefke - swarte - draven | plaatsje B |
| 6. fan – famke - ferhuze | plaatsje A |

Opdracht 4 – Elske DeWall en foarnamwurden

- a. Hee, **ik** bin Elske en **ik** wie krekt in Frysk ferske oan it sjongen. Wolst **do** in stikje hearre?

*Dûnsje **my dyn** moaiste, leafste, fjurrichste djipte yn.*

Ja, dat Frysk, dat bliuwt eins altyd moai. **Ik** bin altyd bliid dat **ik** yn it Frysk sjong, it is **myn** memmetaal en it fielt hiel natuerlik om Frysk te sjongen. Dus, dat sil **ik** ek altyd dwaan bliuwe!

- b. Ik brûk it yn myn wurk ek wolris, **ik** jou sjongles yn it Frysk, en dan helpt it enoarm datst deselde taal praatst.

Ik wurd ek hiel faak oankundige as ‘de Friezin Elske DeWall’, ek yn de rest fan Nederlân. Dat snap ik wol, Fryslân hat in hiel dúdlike identiteit en ik tink dat it just ek hiel moai is om **dy** dêroan te ferbinen en ik bin der hiel grutsk op.

Ik fied **myn** soan op yn it Frysk. Dat wie eigentlik al fan doe’t **hy/er** berne waard ôf al, dat ik tocht: ik kín ek hielendal net Nederlânsk tsjin **him** prate.

Opdracht 5 – Foarnamwurden, oare foarmen

- | | |
|------|---|
| 1. c | M |
| 2. a | I |
| 3. a | E |
| 4. b | N |
| 5. a | S |
| 6. b | K |
| 7. b | I |
| 8. a | P |

MIENSKIP

Opdracht 6 - Wêze en Hawwe

Wêze	Notiid	Doetiid	Mulwurd
Ik	bin	wie	Ik ha west
Do	bist	wiest	
Hy/sy/it	is	wie	
Wy/jim/sy/jo	binne	wiene(n)	

Hawwe	Notiid	Doetiid	Mulwurd
Ik	ha	hie	Ik ha hân
Do	hast	hiest	
Hy/sy/it	hat	hie	
Wy/jim/sy/jo	hawwe	hiene(n)	

Opdracht 7 – Wurdsiker

k	o	z	w	l	b	b	y	a	w	j	b	v	y	o	r
n	o	x	r	g	w	p	i	b	g	h	a	j	i	x	k
l	n	r	n	t	w	i	z	m	r	t	m	y	d	j	n
x	c	r	h	y	h	a	t	n	w	i	g	k	k	v	g
n	r	u	v	o	i	p	s	j	y	v	b	y	c	m	n
z	w	k	n	k	x	k	a	l	h	s	w	m	i	v	n
a	n	y	b	k	k	e	h	w	a	v	x	h	d	n	r
p	r	i	b	c	u	i	o	a	w	w	v	j	b	a	o
e	n	t	s	i	b	o	d	h	w	a	g	h	l	y	f
c	p	q	i	e	n	p	j	k	e	e	k	j	h	r	x
u	n	e	t	m	e	n	n	i	b	y	s	z	e	o	s
m	w	t	i	m	t	u	e	i	r	s	s	t	t	b	d
j	j	f	r	g	h	o	w	b	u	c	y	j	k	o	e
t	y	n	x	p	f	r	v	a	c	d	k	d	m	v	f
f	a	v	j	o	f	h	y	h	a	t	h	â	n	o	f
t	o	n	g	z	f	z	h	h	j	n	n	i	r	d	h

Opdracht 8 - Oefenje mei foarnamwurden en tiidwurden

1. **Myn** namme is Lianne en ik **bin** 12 jier. Ik **ha** in hûn en dy hjit Bello.
2. Bello, do **bist** in leave skat, en do **hast** de moaiste eagen. Mar **dyn** azem stjonkt wol wat.
3. Sûnt koarten **is** Billy derby kaam. Hy **hat** wol wat fan Bello, mei **syn** leave eachjes!
4. Wy **binne** de bêste freonen mei **ús** trijen. Wy **hawwe** noait rûzje, haha.

Opdracht 9 - Famyljeleden

- | | |
|--------------------------|------------------------------------|
| a. heit - vader | b. pake - opa |
| mem - moeder | beppe - oma |
| soan - zoon | bernsbern - kleinkind(eren) |
| dochter - dochter | omke - oom |
| | muoike - tante |

- c. Hoi! Ik bin Melle, en dit is in selfy fan ús **gesin**

Ik bin dy **jonge** dêr links, mei de blauwe trui.

Us heit stiet neist my, dy **man** yn it grien.

Dan komt myn suske Mara. Sy is in grappich **famke**

Us mem is de **frou** rjochts.

Sy soarget altyd goed foar de hiele **famylje**

- d. Eigen antwurd

Opdracht 10 - Oefenje mei de praatkaart

- a. **Goeie! Ik hjit** Salma, ik **bin 19 jier** en ik kom út Ethiopië. Dêr bin ik opgroeid mei myn heit, mem en Dawit. **Dat is myn** broerke. Thús praten wy Amharysk en Ingelsk. Doe't ik 10 wie, binne wy ferhuze nei Nederlân ta. **Ik wenje yn** Ljouwert, yn Fryslân. It wie efkes wenne, mar Fryslân fielt no as thús. Ik hâld fan de rêst, de natuer en de freonlike minsken. No praat ik ek goed Nederlânsk en in bytsje Frysk. De taal is noch wol dreech, mar ik doch myn bêst en ik leau dat ik der hieltyd better yn wurd. **Oant sjen!**

- b. **4**

- c. **Salma fynt Frysk dreech. Se hâldt fan rêst.**

- d. Eigen antwurd

- e. Eigen antwurd

- f. Eigen antwurd

Opdracht 11 - Puzelje mei famyljeleden

1. Myn omke is sûnt in jier of tsien troud mei myn **MUOIKE**
2. Us mem ken ús **HEIT** al sûnt se beide hiel lyts wiene.
3. Doe't myn sus berne waard, hie ik al in grutte **BROER**
4. De heit fan myn bêste freon is opnij troud; myn freon hat no in **STYFMEM**
5. Sy is it âldste bernsbern en dêrmei de earste **BEPPE** fan frou Visser.
6. Pytrik is in dochter fan ús heit, mar sy hat in oare mem as ik. Sy is dus myn **HEALSUS**
7. Kinst it wol merke, ik bin gek op myn **FAMYLJE**

Opdracht 12 – Sykje ien dy't...

Eigen antwurden

Opdracht 13 – Spultsje: Bingo!

Eigen antwurden

Opdracht 14 – Oefenje mei tellen: de Ofslútdyk

De Ofslútdyk skiedt de Waadsee fan de Iselmar. Dat hat **trije** foardielen: in feiligere kust, makliker om polders oan te lizzen, en swiet wetter foar lânbou en drinkwetter.

Alle dagen ride der sa'n **tsientûzen** auto's oer de Ofslútdyk. It is dus in wichtige ferkearsdyk wurden! Cornelis Lely ûntwikkele it plan foar de Ofslútdyk nei in grutte stoarm yn **19sechtjin**. It duorre wol efkes foar't de bou begûn, dat wie yn **19sânentweintich** pas.

Der is **fiif** jier wurke oan de Ofslútdyk, en op **achtentweintich** maaie 1932 wie er klear. De dyk is **twaentritich** kilometer lang.

Lely hat it sels net mear meimakke, want hy stoar yn **njoggentjin**²⁹, doe't er **fiifensantich** jier âld wie. Hy krige noch wol gelyk, want sûnder de Ofslútdyk hie de ramp fan **19trienfyftich** hiel wat slimmer west!

Opdracht 15 – Ynterview mei... dy

Eigen antwurden